

Heit sûnder bern

wat is er stoer, wat is er hurd
sa'n man dy't net gau rekke wurdt
al is er heit fan trije bern
hy hoecht der net nei om te sjen
dêr bin de memmen ommers foar
ja, hy stapt frij troch eltse doar
hy hat syn wrâld ûnder kontrôle
mar eins is er sa goed as bôle

hy soe sa graach, al wie 't mar even
as 't merke is, tegearre sweve
mei syn dochter, mei syn soan
sûnder har is der neat oan
mei syn allen nei de feart
in moarn te fiskjen, al fangst neat
of op 'e bank mei trije bern
gesellich nei in krimi sjen

want achter yn syn eagen
sjucht hy se elke dei
en mei elke fuotstap
nimt hy se mei him mei
dy dagelikse pine
hy wol 't der net oer ha
hy kin der net oer prate
want hy mist se sa

hy soe sa graach ris wille meitsje
sa mei de bern ôfgrysluk laitsje
hy soe sa graach de triennen heine
al soe it ek ferwiten reine
op alle wûnen pleisters plakke
samar in bioskoopke pakke
en hiele jûnen spultsjes kaarte
en as it tongert moed ynprate

mar hy lit him wier net kinne
omdat der protten froulju binne
dy 't him sjogge as in fint
dy't alles wit en alles wint
hy hat de bern net om 'e doar
mar dêr betellet hy dochs foar?
en selsbeklach is der net by
want hy is ommers fûgelfrij

mar
dat iene lytse siedsje
dat soarget foar in triedsje
al is it spoar ferdwûn
do bliuwst altyd ferbûn

en achter yn syn eagen
sjucht hy se elke dei
en mei elke fuotstap
nimt hy se mei him mei
dy dagelikse pine
hy wol't der net oer ha
hy kin der net oer prate
want hy mist se sa